



Hendrik Elings: portret fan Hotze Schuil. De foto is makke yn it atelier (1998). Foto: kolleksje Kkeatsmuseum.

dy't it in opfallend plak jûn hat yn it stadion.

Ta gelegenheid fan 100 jier Alvestêdetocht hat er yn opdracht fan galery Zofier yn Nijskoat trije sted-sportretten makke: Snits, Drylts en Starum. Strûpt it frije wurk der net ûnder by al dy opdrachten? 'Ni, dat gaat gewoan deur. Ik wissel 't ôf en dat komt mooi út, want ik kin nooit lang an een en 't selde skilderij werke, dan mot ik norig weer wat âns doen. En die opdrachten bringe my ok weer op nije ideeën. Foor die stadportretten bin ik an 't stoeien weest met de luchten. Met die kleuren eksperiminteer ik dan útandlik weer in myn landskappen.'

Pieter de Groot

(Froukje de Jong fan de stichting Ons Bildt skewielde ús mei de Biltske sitaten).

Keatsen op ynternet

Yn it foarjier fan 2007 is de KNKB úteinset mei in nije website. By de presintaasje waard de ambysje útsprutsen dat de site yn de takomst mear funksjonaliteiten ha moast. It gie ynearsten om in site mei ynformaasje en in goed rinnend opjeftesysteem. Yn in lettere faze soe der omtinken jûn wurde oan ynteraksje tusken keatsers en der soe romte komme foar ferskate 'communities'. Hoe is de stân fan saken no en wat is troch de nijste ICT-úntwikkelings mooglik?



Homepage op de KNKB-website fan 1 jannewaris 2008.

De KNKB-website

Ien fan de wichtichste saken dy't op de KNKB-site ta tefredenheid wurket, is it opjeftesysteem. Nei wat problemen yn de begjinfaze rint dat no goed. De KNKB kriget gjin meldings fan keatsers dy't gjin kompjûter ha en har dêrom net opjaan kinne. En wa't

dy net hat, wit blykber sels in oplossing te finen. It is oannimlik dat it nije opjeftesysteem minder problemen jout as it âlde: dan gong der mei it ferstjoeren fan de dielnimmerskaart fia de post of it meijaan dêrfan oan kunde noch wolris wat mis.

Yn it ôfrûne jier is ek realisearre dat keatsers en kaderleden har digitaal opjaan kinne foar muorrekeatsen, keatskampen, trainings en gearkomsten. As dat goed oanpakt wurdt, besparret dy wurkwise it Bûn in protte wurk en (porto)kosten. Yn de takomst soenen ek ferslaggen fan gearkomsten in (iepenbier?) plakje krije kinne moatte op de site.

Foar de rest jout de KNKB-site in protte ynformaasje oer alderhande saken op bestjoerlik en organisatoarysk mêd. Dochs moatte wy hjir opmerke dat it blykber in poepetoer is om de site by de tiid te hâlden. Ein 2008 stie, krekt as oan it begjin fan it keatsseizoen, noch altiten op de site dat 'het complete document selectiebeleid heren volgt zodra beschikbaar' en by de froulju wie dat net oars. Wy meie dochs oannimme dat it seleksjebelied yn it ôfrûne seizoen omskreaun en tapast is? Sokke ynformaasje is foar de keatsers wichtich. Ek it by de tiid hâlden fan ferieningsynformaasje kin better.

Ut it boppesteande blykt ek al in bytsje dat de KNKB-site fan mear wearde is foar organisatoaryske saken as foar aktuele wedstriidferslaggen. Dy binne faak koart en saaklik en de mooglikheid foar ferieningsom sels in wedstriidferslach te skriuwen en te publisearjen

komt net fan 'e grûn. De KNKB soe dat folle mear aktivearje moatte by syn ferienings. It makket de site in stik libbener as in bûnt ferskaat oan skriuwers ferslach docht fan har wedstriden.

Marten van der Leest jr. joech dêrfan in moai foarbyld doe't er op 29 novimber 2008 yn blomryk proaza skreau oer syn ervarings by it muorrekeatsen yn Itaalje.

Wol nij sûnt koart is de mooglikheid om fia www.shoot.nl foto's te besjen fan sportfotograaf Gert Gort, dy te bestellen of der sels in foto-album fan meitsje te litten. In part fan de ynkomsten giet nei it Bûn.


Ynteraksje

In wichtich aspekt fan hjoeddeiske websites is de ynteraksje mei de besiker. Dêr lizze foar de KNKB noch grutte kânsen. Wat te tinken fan mooglikheden om fia in embadded system keatsfilmkes fan YOUTUBE sjen te litten op de KNKB-site? In earste ferkenning by YOUTUBE op it wurd 'kaatsen' levere al 306 fideofragmenten op. It filmke oer de Frouljus-PC fan 2007 is ûndertusken troch mear as 2300 minsken besjoen. Op de populêre website HYVES binne mear as 20 communities oanmakke dêr't keatsen in rol yn spilet. Mei-inoar ha se in behoarlik potsinsjeel oan freonen en dus oan belangstelling foar it keatsen. De community 'sportfanaten' op HYVES, dêr't it keatsen ek by belutsen is, hat allinnich al mear as 8000 leden. De fotoside FLICKR hat ûnder it lemma 'pelota' mear as 18000 ôfbyldings en wa't siket op 'kaatsen', komt by in skitterjende foto fan de PC-keningsbal..

Aktive keatsers soenen in profylpagina krije moatte. Dy struktuerarre pagina mei foto en namme fan de keatser kin dan ynformaasje jaan oer de klasse dêr't de oanbelangjende spiler yn útkomt, mei bygelyks in oersjoch (mooglik yn grafykfoarm) fan it behelle oantal punten. In stik frije romte kin de spiler dan sels ynfolje mei teksten, foto's, links ensafuorthinne.

KNKB-TV

Yn 2007 is foar it earst eksperimintearre mei in keatsútstjoering fia it ynternet. Dat wie op de Frouljus-PC yn Weidum. Yn it ôfrûne jier is dat eksperimint trochset mei in hiele dei ynternetútstjoerings fan it NK foar junioaren en foar senioaren. It wie in ferrassend begjin. De sneons wienen der sa'n lyts 900 besikers dy't koartere of langere tiid de útstjoerings folge ha en op twadde pinksterdei hast 2500. Ik ha se net allegear teld, mar ik tink dat dy oantallen beide dagen net helle binne op it wedstriidterrein. It ynternet jout net allinnich grutte mooglikheden foar publyksberik,



Joban de Haan fan Bitgummole regissearet út syn frachtwein wei oan de râne fan it fjild de keatsopnamen. Foto: Richard Miedema.

mar fansels ek foar it generearjen fan reklameynkomsten. It is dan ek apart dat der yn it beliedsplan fan de KNKB hast hielendal gjin omtinken jûn is oan de mooglikheden fan de nije media. Foar in weromrinnend oantal fysyk oanwêzigen op it fjild oer, kinne jo in groeiend oantal digitale besikers sette. Dat binne dochs ek minsken dy't belangstelling ha foar it keatsen? Soks is foar sponsors in wichtige merk, dy't jo net oer de holle sjen moatte. Boppedat soe de KNKB syn doelstelling fan 1000 besikers by in keatswedstriid op sa'n wize makliker helje kinne as yn te setten op de tradisjonele besiker.

Mei de komst fan it glêsfazelnet en syn flugge ferbindingen lizze der foar KNKB-TV yn de takomst noch folle mear mooglikheden. Wat te tinken bygelyks fan reportaazjes oer trainings, foarbeskôgings op in fest tiidstip en útstjoerings oer de tariedings fan jeugdkeatsers op de Freulepartij? Mei kwalitatyf goeie útstjoerings (moaie opdracht foar studinten fan de oplieding foar Communicatie en Multi Media Design oan de NHL) kin dat allegear in protte positive effekten ha foar it bûn. Ik bin der boppedat fan oertsjûge dat troch ynternetútstjoerings de fysike belangstelling absolút net ôfnimme sil. It is earder oarsom. Media-oandacht, sawol yn kranten as op ynternet en televyzje, soarget foar mear publyk op de fjilden: wat minsken ynteressant fine, wolle se sels meimeitsje.

Ferienings soenen yn oerlis mei KNKB-TV de útstjoerings fan har bysûndere keatspartij keapje kinne. Stel dat soks € 1000,- kostet, dan kin de

feriening soks weromfertsjinje mei it útstjoeren fan reklameboadskippen. It is sels mooglik dat ien of twa sponsors de hiele útstjoering finansjeel bekostigje en dêrmei it allinnerjocht foar de reklame krije.

Wikipedia

In befoarderjen fan de ynteraksje mei it keatspublyk soe ek kinne troch op it begjinskerm fan de KNKB-site in dúdlike link te meitsjen nei de Fryske Wikipedia (fy.wikipedia.org.). Keatsers, ferieningsbestjoerders, keatshistoaris en oare keatsleafhawwers kinne dêr mei-inoar in community foarmje dy't wurket oan it jaan fan mear bekendheid oan it keatsen en de keatsers. Ik ha my deroer ferbaasd hoe'n bytsje as der noch mar oer it keatsen op Wikipedia te finen is. Fan de topkeatsers kriget Piet Jetze Faber, de oanfierder fan it ivich klassemint, mar trije rigels. 'De Lange' fan Harns en 'De Brand' fan Seisbierrum krije wat mear oandacht, mar oer keatsers út it ferline ha ik hast neat fine kinnen. Dronryp earet yn elts gefal noch syn nammejouwer Sjirk de Wal mei in moai stik en ek Minze de Vries fan Bithum wurdt beskreaun, mar fierder is it earmoed. Gjinn Taede Zijlstra, Jan Reitsma, Auke Miedema of Klaas Kuiken, om mar in pear nammen te neamen. Fan de hjoeddeistige generaasje fine wy ynformaasje oer Klaas Anne Terpstra en Chris Wassenaar, Jacob Wassenaar en Rutmer van der Meer (alle fjouwer mei foto), Dirk Jan van der Woud en Folkert van der Wei.

By de froulju is it noch minder. Allinne Afke Hylkema, Fenna Zeinstra en Afke Kuipers binne stikjes



Artikel op Wikipedia oer de Bitgumer keatser Minze de Vries.

oer skreaun. Fan de ferienings hawwe OKK (Bitgum), Jacob Klaver (Mantgum) en Jan Bogtstra (Frjentsjer) in fermelding. Mar dy lêste namme is ferkeard skreaun en allinne te finen as Jan Bogstra (desimber 2008). It aardige fan Wikipedia is dat eltsenien de teksten ferbetterje en oanfolje kin. Dus it stikje oer Jan Bogstra sil nei dit artikel wol gau oanpast wurde. Om de ynformaasje oer de keatshistoarje en ek oer de hjoeddeistige keatsers te fergrutsjen, soe it dêrom in goeie saak wêze dat de KNKB soks motivearret troch op syn website in dúdlike link oan te bringen nei in startpagina fan de Fryske keatswiki. Dernjon-

ken soe de KNKB ek in stikje rezjy fiere kinne troch in redaksjegroepke yn it libben te roppen dy't soarget foar gearhing en struktuer fan de bydragen.

De Hollânske Wikipedia hat noch folle minder ynformaasje oer it keatsen as de Fryske. Grappich is de link fan keatser Johan van der Meulen nei it pseudonym fan de dichter John O'Mill. By de ferstoarne Harnzer keatser Johan Jansen stiet in link nei in noch libbene fuotballer fan NAC.

Keatsmuseum

Yn desimber 2008 is in bysûndere gearwurking fan

start gien tusken Tresoar yn Ljouwert en it Keatsmuseum. Doel is om de komplette fotokolleksje fan it Keatsmuseum te scannen, dy dêrnei systematysk en generyk te beskriuwen en úteinlik fia it ynternet beskikber te stellen. Tresoar leveret ûnderdak, begelieding en kennis op it mêd fan digitalisearjen, it Keatsmuseum soarget foar de foto's en de frijwilligers. Yn de rin fan 2009 moat de earste searje foto's op it ynternet komme.

As it safier is, kinne besikers dêr op reagearje. Dat kin bygelyks troch ûntbrekkende gegevens oan te foljen, mar ek troch it jaan fan ynformaasje dy't sydlings te meitsjen hat mei de foto. Soks kin bestean út oantinkens oan it ferrin fan in keatspartij of út anekdoates dy't mei de foto te meitsjen ha. Koartsein, in site dy't de mooglikheid jout ta sawol ynformaasje oer it keatsen as ta it belibjen fan it spul.

Besikers sille ek útdage wurde om sels bysûnder fotomateriaal te scannen en op te stjoeren nei de behearers fan de site. Op dy wize kin ek de (digitale) kolleksje oanfold wurde. As it projekt in sukses wurdt, kin der in ferfolch komme, wêrby't ek keatslisten en oar dokumintaasjemateriaal digitalisearre wurde.

Theo Kuipers

Dit artikel is ta stân kommen nei petearen mei ICT- & ynternetdeskundige Folkert van der Wei. De skriuwer is ferantwurdlik foar de ynhâld.